

Jierferslach 2024





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes 2024		2
• Op nei keatsjier 2025		3
• Oantekens ledegearkomste KF Easterein – 20 maart 2024		4
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Keatsen is moai wurk	Jongerein- & Technyske kommisje	10
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2024		11
* De gekke kykjes fan de Alder-bernpartij		12
* Keatser fan it jier 2024	Jelke Sijbesma	14
- PR-kommisje: Wat hawwe we dien yn 2024?	PR-kommisje	15
- Fan de wedstriidkommisje...	Wedstriidkommisje	16
- Fjilden en Materialen	Fjilden- en Materialekommisje	16
- It jier 2024 troch de eagen fan de FSK	Finansjele- en stipekommisje	17
* Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach	Romine Jelsma	18
* Eksploitaasjerekken 2024		21
* Ferklearring kaskommisje 2024		21
- Keatskamp 2024: 'It Wylde Westen'	Keatskampkommisje	22
• Sneon 13 july 2024: de 19e Jong-Feintepartij		24
• Wedstriidferslaggen		26
- Lede- en federaasjepartijen		26
- KNKB partijen		35
- KNKB Klasseminten		37
• Mear keatsmominten út 2024		38

Kolofon

Foto omslach: "Wy binne der klear foar!"

Ald-Meiers partij - 27 july 2024 - Hitzum

Partoer 1: Liset Sijbesma, Geertje v/d Weide, Fianne Dijkstra

Partoer 2: Douwina Talsma, Tjitske Joustra, Fenne Sijbesma

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda en Froukje Dijkstra

Fryske stavering troch Antje van Schepen.

Gearstalling bestjoer en kommisjes 2024

HAADBESTJOER

Marten Faber	Foarsitter
Hester Minks	Skriuwer
Romine Jelsma	Ponghâlder
Dieuwke Kooistra	Algemiene saken
Jan Bouke Bouma	Fjilden en materialen
Richt Fokkens	Webbehear en Sosjale media

WEDSTRIIDKOMMISSJE

Wilma Sjaarda	Foarsitter
Wietse Vink	Opjefte ledewedstriden
Tineke Kamstra	Katering en krânsen
Alien Dijkstra	Algemiene lid
Jorrit Veldman	Algemiene lid

JONGEREIN- & TECHNYSKE KOMMISSJE

Imke van der Leest	Foarsitter
Martina Kooistra	Skriuwer en trainingen
Trynke Draijer	Kompetysje
Klaas Sixma	Fjilden en materialen
Wiepkje Sijbesma	Wedstriden
Peter Stuver	Wedstriden en tydlik TK
Mirjam Punter	Understeunend lid

PR-KOMMISSJE

Mattie Dijkstra	Foarsitter
Sieta Tessemaker	Skriuwer
Jetske Sieperda	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Kleanbelied
Antsje van Schepen	Redaksjelid

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISSJE

Dirk-Yde Sjaarda	Foarsitter
Jan Simon Jelsma	Relasje behear
Abe-Jan Stegenga	Relasje behear
Hendrik Kuiper	Relasje behear
René Rijpma	Stiper administraasje

KEATSKAMPKOMMISSJE

Halbe Willem Overal	Foarsitter
Rutger Sijbesma	Algemiene saken
Sieta Hesselius	Algemiene saken
Anne Jan Hallema	Algemiene saken
Tjalie Houtsma	Algemiene saken

WEBREDAKSJE


Richt Fokkens	Webside en Sosjale media
Sieta Tessemaker	Ut- en ferslaggen
Karin Sjaarda	Understeunend lid

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISSJE

Jan Bouke Bouma	Foarsitter
Klaas Sixma	Fjilden jongerein

'FITE FUTTERS' – FJILDLISMANNEN

Theo Jelsma	Lolke Bouma
Geert Dijkstra	Jan de Jong
Willem Twijnstra	Jelle de Boer
Roel Sijbesma	



Op nei keatsjier 2025

We steane oan de start fan alwer in nij keatsjier. Alle kommisjes binne alwer drok dwaande mei alle tariedingen. It haadbestjoer bestiet út Dieuwke, Hester, Romine, Richt, Jan Bouke en Marten. Offisjeel it lêste jier foar Dieuwke en Hester, foar harren wurdt op dit stuit ferfanging socht.

2024 sit der alwer in tiid op, it winterskoft is alwer hast foarby. Wat fljocht de tiid. Wat hawwe we moaie keats-partijen hân. We hawwe in tal nije wedstriden besocht op te setten en yn de wedstriidaginda te setten. In boppeslach wie toch wol it famylje keatsen. In pracht moaie opkomst mei in soad partoeren. Absolút in wedstriid om ek dit jier wer op te nimmen yn de aginda.

Wy as haadbestjoer wolle graach de grutste neidruk lizze op de eigen leden. Net om de KNKB tekoart te dwaan, mar it grutste part fan 'e leden keatst federaasje- en ledewedstriden. Dêr sil ús grutste oandacht oan bestege wurde. De ynset is, lykas alle jierren fansels, de jongeren besykje te aktivearjen en in grutte pûl te kreëarjen. Hoe mear oft der binne, desto leuker wurdt it en dat komt de kwaliteit te'n goede.

Ek de senioren hawwe ús oandacht. De ledewedstriden wurde (op in oantal nei), goed besocht, mar it kin fansels atyd better. Ideeën hjiryn binne wolkom.

Goed besocht de lêste jierren binne de kompetysje jûntsjes. Litte we dit trochsette mei syn allen, wat in opkomst eltse kear wer. Super! Wy hawwe al ideeën om de lêste kompetysje jûn wat oan te klaaien en wat ekstra's ta te heakjen om der in echte ôfsluter fan te meitsjen.

It kommende keatsjier sille we it mei elkoar wer dwaan. We dogge it foar alle keatsende leden, en hoopje dan ek dat jimme dit keatsjier wer mei grutte opkomst op de fjilden steane. Litte we der mei ús allen in prachtich moai nij keatsjier fan meitsje.

Hawwe jimme ideeën?

Lis se dan op tafel en diel se. We meitsje der mei syn allen wer in pracht moai seizoen fan. Op nei keatsjier 2025!!

Marten Faber

Foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens ledegearkomste KF Easterein – 20 maart 2024

Oanwêzich: Haadbestjoer: Marten Faber, Romine Jelsma, Dieuwke Kooistra, Jan Bauke Bouma, Hester Minks en sa'n 28 leden (sjoch presinsjelist).

Ofwêzich mei berjocht: Imke v/d Leest, Harm Dijkstra en Vera de Vries, Helga Develing, Hendrik Sweering, Tjeerd Dijkstra, Sipke Hiemstra en Dirk Yde Sjaarda.

1. Iepenening

Marten iepenet de gearkomste om 20.00 oere:

Goeiejûn allegeare!!

Leden, eareleden, kommisjeleden en stipers fan KF Easterein. Fan herte wolkom op ús jierlikse foarjiersgearkomste. Moai dat jimme der binne.

De tiid hâld gjin skoft. It is alwer in jier lyn dat ik dizze gearkomst iepenje mocht en troch de leden oannommen bin as foarsitter. Sa begjinne je, sa binne we alwer in jier fierder. It gong snel, it wie hartstikke leuk en tegearre mei Dieuwke, Romine, Hester en Jan Bouke hawwe we in pracht jier hân. We wolle it allegeare net te dreech meitsje.

Troch alle help en ynset fan de kommisjes is alles goed slagge, wy binne tefreden oer 2023.

2023

Noch mar krekt oanslúten by de fjildlizzers, de mannen fan de materialen, ús fitte futters. It keatsjier moast noch los gean, mar op 2 april is Jouke van der Weij ferstoarn. Jouke hie him oansluten om te helpen by it lizzen fan de fjilden

en it ûnderhâld fan de materialen. Jouke is 70 jier wurden. Syn help en ynset sille mist wurde.

Foarôfgeand op de foarjiersgearkomste hawwe we de enkête trochnommen. It is en bliuwt altyd lestich om der rjochte in tal saken út te heljen, mar wy hoopje dat we oan in oantal winsken foldien hawwe en heare fannejûn graach jimme miening, mochten jim dizze diele wolle.

We hawwe in oantal moaie wedstriden hân. Ek binne der wedstriden ôflêst en dizze binne yn it winterskoff evaluearre. Fannejûn sil de wedstriid-kommisje de wedstriidkalinder presentearje. Wat ús oanbelanget in moaie aginda, mei leuke wedstriden.

Hichtepunt kwa wedstriden wie wat my oanbelanget de slotwedstriid. Jong en âld, hurde en sêfte bal. In soad keatsers, publyk en oanhang wie op it fjild te finen. Nei ôfrin de neisit en de pizza's makken de dei kompleet. Dizze dei moast foar alle leden en keatsers tagonklik wêze, dizze dei wie wat ús oanbelanget in boppeslach.

Fannejûn de start fan 2024.

Fuort mar los hat ôfrûne wykein oan set west. Wy wolle no ek fuort mar los!! Fanút dit plak wolle wy as besjoer jimme in goeie gearkomste ta winskje. Nei ôfrin is der foar elts dy't der nocht yn hat in hapje en drankje om it nije keatsjier yn te setten.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Gjin



3. Oantekens fan de ledegearkomste 29 maart 2023

Gjin opmerkings.

4. Finansjeel ferslach

Troch Romine. Romine hat it finansjeel ferslach oer 2023 makke. Hjirûnder de wichtichste sifers op in rychje.

Rekken 2023

Organisaasje

Opbringsten	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	205	0
Sponsorjilden	3.000	2.811	3.650
Kontribúsje en trainingsjilden	7.700	8.626	7.812
Aksjes	711	637	3.844
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	1.082	0
Ferskate opbringsten	3.205	260	775
Totaal opbrengsten	14.616	13.620	16.081

Utjeften	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	293	164	122
Kosten wedstriiden	226	473	697
Ferieningskosten	7.028	6.293	5.966
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.743	2.050	946
KNKB en Federaasje	3.101	3.343	2.987
Aksjes	0	248	1.175
Materiaal	2.975	2.329	811
Totaal uitgaven	15.365	14.900	12.704
Resultaat	-749	-1.280	3.378

- By ferskate posten is een grut ferskil neffens foarich jier mar dat komt troch dat in oantal boekingen net op deselde kategory boekt binne.

Wedstriiden

Opbringsten	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.987	2.738	2.634
Sponsorjilden	8.063	8.669	10.833
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	900	1.714	1.377
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.268	1.202	470
Totaal opbrengsten	13.217	14.323.11	15.313


Utjeften	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	9.977	9.007	9.769
Kosten wedstriiden	4.429	4.165	5.999
Ferieningskosten	931	694	685
Hier sporthal, fjilden, materialen	650	0	650
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	100	571	1.237
Materiaal	55	34	0
Totaal uitgaven	16.142	14.471	18.340
Resultaat	-2.925	-148	-3.026

Totaal

Opbringsten	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.987	2.943	2.634
Sponsorjilden	11.063	11.479	14.483
Kontribúsje en trainingsjilden	7.700	7.833	7.335
Aksjes	1.611	2.352	5.222
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	1.082	0
Ferskate opbringsten	4.473	2.255	1.723
Totaal opbrengsten	27.833	27.943	31.395

Utjeften	Begrutting 2023	Rekken 2023	Rekken 2022
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.269	9.171	9.891
Kosten wedstriiden	4.655	4.638	6.696
Ferieningskosten	7.959	6.988	6.650
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.393	2.050	1.596
KNKB en Federaasje	3.101	3.343	2.987
Aksjes	100	818	2.412
Materiaal	3.030	2.363	811
Totaal uitgaven	31.507	29.371	31.043
Resultaat	-3.674	-1.428	351

- Der bin reservearringen frijfallen. Dêrtroch is it ferlies ek wat minder dan de begrutting. Der is allinnich nog in reservearring foar de klean en de JFP (sponsorbijdrage van Jouke Huitema).
- Karin: kosten fergaderingen binne minder. Romine: Dat komt omdat der mear thús fergadere is. En de kosten van de katering binne ek leger.



- It eigen fermogen is noch boppe de € 25.000,00. We hawwe dêrom foarich jier in soad ynvestearre yn nije keatsballen.

Begrutting 2024

Begrutting (Ynkomsten)

Ynkomsten (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2024			Begrutting 2023
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	3.249	3.249	2.987
Sponsorjilden	3.000	8.619	11.619	11.063
Kontribúsje en trainingsjilden	7.669	0	7.669	7.700
Aksjes	1.762	1.410	3.172	1.611
Subsydzjes en bydragen	0	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.105	1.218	2.323	4.473
Totaal opbrengsten	13.536	14.496	28.032	27.833

Utjeften (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2024			Begrutting 2023
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro
Prijzen en kransen	272	10.907	11.179	10.269
Kosten wedstrijden, kaatsclinics	107	4.117	4.224	4.655
Verenigingskosten	7.410	413	7.824	7.959
Huur sporthal, velden en materiaal	1.743	910	2.653	2.393
KNKB en Federatie	3.094	0	3.094	3.101
Akties	0	425	425	100
Materiaal	575	311	886	3.030
Totaal uitgaven	13.201	17.084	30.285	31.507
Totaal opbrengsten	13.536	14.496	28.032	27.833
Resultaat	335	-2.588	-2.253	-3.674

Aksjes binne heech begrutte. Nije Poesiz aksje: krystpakketten ynpakke. Dit is in aksje dy't we yn desimber hooplik dwaan kinne.

Kontribúsje en bydragen 2024

	2022	2023	2024	Ferskil
Kontribúsje senioaren	35,00	37,50	37,50	-
Kontribúsje jongerein	26,50	26,50	26,50	-
Treningen jongerein				
-Seal	12,50	12,50	12,50	-
-Fjild	17,50	17,50	17,50	-
-Beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis Wedstriden				
-Senioaren leden	4,00	4,00	4,00	-
-Senioaren Federaasje	5,00	5,00	5,00	-
-Senioaren KNKB	6,00	6,00	6,00	-
-Jongerein Federaasje	3,00	4,00	4,00	-
-Jongerein KNKB	4,00	4,00	4,00	-

- Tymen: moatte je de kontribúsje net stadichoan omheech dwaan?
Wy wolle dit jier de kontribúsje gelyk hâlde.
Twa jier lyn ha we kontribúsje foar it lêst ferhege.

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

Tymen hat mei Vera de kas en de bankafschriften trochnommen. Komplimenten foar Romine. Bas van der Weij nimt takom jier sit yn de kaskommisje mei Tymen.

6. Stikken KNKB-gearkomste

Dit kear is der mar 1 hammerstik fanút de KNKB:

- 1ste fout telt
- * It bûnsbestjoer fan de KNKB stelt foar de regel 'earste fout telt' struktureel yn te fieren by de kategory kabouters & welpen.
- * Keatst in welp mei yn in pupillewedstriid dan jilde foar de welp regels foar de pupillen.

De oanwêzige leden geane hjirmei akkoart.

7. Presintaasje

jierferslach 2023

It wurdt is oan Mattie.

Sy lit witte dat it

jierferslach ek dit jier,

hjoed wer farsk by

de drukker wei komt.

Foaral Froukje en

Greet ha hjir wer in

soad tiid yn stutsen.

Tank derfoar! It sjocht

der wer prachtich út

mei in soad moaie

foto's. De oprop oan âlders en keatsers om

in soad foto's te meitsjen en in ferslachje te

meitsjen, bliuwt krekt as foarich jier, stean.



8. Skoff

9. Bestjoersferkiezing

Oftredend: -

Foardracht -

Fakant Algemien lid/ oansprekpunt
wedstriidkommisje

Ek dit jier ha we nog gjin gadingmakker fûn.

We sjogge fan it simmer as we op it keatsfjild ien

tsjinkomme dy't ús bestjoer fersterkje wol. It hat

gjinn haast, we kinne ús sa rêde.

10. Punten fanút it bestjoer:

- Punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje
Snits e.o.: It bestjoer fan de federaasje is
faltallich. Der is romte om iets leuks te dwaan.
Dus as der leuke ideeën binne fanút de
feriening dan kinne wy it witte litte.

- Springkessen

It risiko wurdt te grut om dizze te ferhieren. It HB

is op't lêst oanspraaklik hjirfoar. De kosten binne

te heech om dit elts jier keure te litten. De leden

binne akkoart.

- Ofskied kommisjeleden

Wedstriidkommisje: Jelmer Hazenberg

(is net oanwezich)

Jongereinkommisje: Marit Kuperus
(is net oanwezich)
Jongereinkommisje: Sietske Okkema
Sponsorkommisje: Hendrik Kuiper
Keatskamp: Sieta Tessemaker (is net oanwezich)
Keatskamp: Selma de Boer (is net oanwezich)
Webbehear: Wiepkje Sybesma
PR: Greet Jorritsma
PR: Judy Bergsma

**Wiepkje (ferfangend foarsitter JK/TK) hat foar
Sietske in wurdtsje:**

Sietske,

No mocht ik as interim foarsitter in tankwurdtsje foar dy op papier sette. Mar myn fergaderingen mei dy binne op ien hân te tellen. Dus fan al dyn kwaliteiten haw ik net folle gebrûk meitsje kinnen. Lokkich kin ik dy wol wat langer as dy pear fergaderingen en hawwe we bestjoersleden die ek wol wat oer dy fertelle koenen.

Do nimst ôfskied as lid fan de Jeugdkommisje slash Technyske kommisje. Bist begien doe't de Technyske kommisje noch op sichtsels stie en hast dus de yntegraasje fan de JK en TK meimakke. Taken en struktueren moesten earst allegear efkes in plakje krije. Mar mei it steeds lestiger finen fan frijwilligers en de feroarings fan it keatsen, wie dizze kombinaasje in goede kar en hast dêr dyn draai oan jûn.

Tegearre mei Johannes pakten jim it stikje Technyske saken op. Jim betochten û.o. de Google forms as ynventarisaaasje fan aktive keatsers, wat ek tagelyk it startskot fan it seizoen wie. Letter hast de taak fan skriuwer der by dien. Mei it oanleverjen fan agindapunten krige it puntsje roddels en skandalen troch dy no in offisjeel plak op de agenda. Fansels ûnder it genot fan in bierke en wat lekkers en pas as de hammer fan de foarsitter slein hie foar de sluting. It moaie fan dit punt wie datst sels altyd wol wat yn te bringen hiest! Mar ik sil gjin foarbylden neame...

Foar de TK komme je faak foar beslissingen te stean, it giet meastal lykop mei freugde, mar soms ek mei teloarstellingen. Lokkich bisto nuchter, tinkst yn oplossingen, bliuwt rêstich en soms sels stoïsynsk. Goede eigenskippen foar in funksje dêrst't dy neutraal yn opstelle moat.

Net te ferjitten datst wist wêr ast oer praatst. Want do witst as gjin oar hoe de keatswrâld wurket. Yn dyn perioade fan frijwilligerswurk stiest oant twa jier lyn sels noch op it heechste niveau te keatsen. Dit wie fansels ek wolris lestich te kombinearjen yn it seizoen. Mar lokkich KAAM IT ALTYD GOED. Ja, in befaamde útspraak fan dy. It komt wol goed. En meastal kaam it ek wol goed, op dyn tempo

Datst in multitasker bist is wol dúdlik, want net allinnich keatse op heech niveau. Ek studearje diest en dochst op heech niveau. Ferskate stúdzjes genetika binne de revue pasearre en ek ferskate funksjes op ferskate plakken. Soms in geflean en dêrom wienen fergaderings ek net altyd mooglik foar dy. Mar it levere ús dêrnei wol wer spannende en sappige ferhalen op by dat lêste agindapuntsje. Ek hjir sil ik mar gjin foarbylden neame...

Toch hawwe al dy saken by elkoar wol dyn beslút makke om te stopjen mei de JK/TK. Do seidest sels al; it lukt my net as net goed genôch alles by te hâlden en dizze taak te ferfoljen. Wannear it stress jout giet de lol der ôf en moatte je simpelwei stopje. En dat is wat presys by dy past; dochst it goed as dochst it net.

Sietske, wy hâlde binnen de TK/JK noch in ôfskied tegearre mei Marit, mar no slút ik hjir earst ôf yn dyn bekinde taal en myn bêste Latyn, ik hoop datst my ferstiest:

**Tibi gratias ago pro opera tua, initus tua, et
amicitia tua**

Tige tank foar dyn ynset, dyn ynbring en dyn geselligens



Ta grutting ferwûndering fan Hendrik Kuiper stie hij ek by de ofskied nimmande kommisje leden. Hysels wie eins nog net fan plan om der út te stappen. Blykber hie Dirk Yde de foarsitter fan de Sponsorkommisje dit ferkeard begrepen. Hy krijt omdat er dochs bliuwt in blomke en in lûd applaus fan de oanwêzigen. En tekent noch foar 'x' jier by!



Hester hat foar Wiepkje in lyts wurdje:

Wiepkje,

Doe ik yn it bestjoer stapte, do hast my ek noch frege om yn it bestjoer te stappen, gongsto der út. Wy namen gjin ofskie fan dy want do hâldest dy oant no ta dwaande mei it webbehear. Mar fanôf dit jier nimst dêr ek ofskie fan, mar kinst it net litte om hielendal neat te dwaan foar it keatsen. Fanôf foarich jier nimst al sitting yn de jongereinkommisje. Wêr't wy fansels tige bliid mei binne.

Foar no yn elts gefal efkes in blomke foar dy foar it byhâlden fan de webside en de social media. In ferfanger is der noch net mar we hoopje dat we dizze rol wer snel ynfulle kinne.



Ut de PR gean Judy en Greet.

Foar dizze 2 froulju docht Mattie in wurdje.

Greet,

Fanôf 2016 hast do sit yn de PR hân. Hast it doetiids oernaam fan Rika. Bist de rjochterhân fan Froukje wurden oangeande it jierferslach, de programmapolder, it Jong Feinte boekje en wat der fierder noch bykomt. Do sammelst alle stikken dy't nedich binne foar it jierferslach. De útslaggen, de stikjes fan de foarsitters fan de kommisjes en gean sa mar troch. Alles wurdt troch dy neisjoen kwa fryske stavering en giet dan nei Froukje foar de opmaak. Hast der altyd in protte enerzjy ynstutsen. Etsenien efter de broek oansitte om op tiid de stikken oan te leverjen, sadat Froukje fierder koe en de stikken op tiid nei Van der Eems gongen. Dan koe de dei fan de jiergearkomste de auto foar de doar by Van der Eems setten wurde en de jierferslaggen, noch waarm, nei de Skoalleseize brocht wurde.

Hast al in skoftke oanjûn dat it steeds dreger waard om foaral de wedstriid útslaggen en foto's binnen te krijen en dat de aardichheid der in bytsje ôfgong en datst der no mei stopje woest. Dat snappe we wol fansels. Miskien is it no tiid foar oare dingen? We sille dy misse. Nei de gearkomste prate we altyd efkes lekker by en hawwe we it o sa gesellich.

Greet, tige tank foar dyn ynset en as we oansitte hoopje dat we dyn ekspertize nochris brûke meie.

Judy,

Yn de PR sitten as skriuwer fanôf 2019? Hast oanjûn dat it dy wat tefolle wurdt allegearre mei in gesin, wurk, sporte en de sit yn de PR. Dit begripe we mar fine dat fansels spitich. Do wiest yn de PR de skriuwer. De oantekens meitsje fan de gearkomsten en die meastentiids deselde jûn noch ferstjoere. We binne wend om yn it frysk te kommunisearjen en dus de oantekens ek yn it frysk te dwaan. Dit giet ús steeds better ôf.

Do hast, troch dyn keatskarriêre, konneksjes mei ferskate minsken en dêrtroch wiesto de kontaktpersoan mei Muta. Offertes opfreegje en yn dyn tiid hawwe we ûnder oare nije trainingspakken, blokjerinnershirts en polo's útsocht



en oanskaft. We binne noch dwaande mei it fernijen fan de reinjassen. Dat sille wy no fierder ôfhannelje en we winskje dy alle goeds ta en wolle dy tige tank sizze foar dyn ynset.

As de bern wat âlder binne sjogge we dy fêst wol as trainer as coach op de fjilden. Dat hast hjir en dêr al ris wat falle litten.

- Nije kommisjeleden
Wedstriidkommisje: Alien Dijkstra
PR: Sieta Tessemaker
Keatskampkommisje: Sieta Hesselius
- Fakatueres: stân fan saken
Foar de folgende kommsijes sykje wy nog minsken:
Sponsorkommisje (1) > Dizze komt te ferfallen/ sjoch hjirboppe.
Jeugdkommisje/Technyske kommisje (2)
Webbehear (1)

10. Wedstriidaginda 2024

Wilma nimt ús mei yn 'e wedstriidaginda. Jeugdfederaasje partij is op 31 maaie, alle help is wolkom. Fierder is de troch de Slachte 1 partij minder as oars foar de senioaren.

11. Omfreegjen

- Wiepkje: wol graach earder begjinne mei keatsen bûten. Dit moat oerlein wurden mei de SKS. Nei 7 april. HB freget SKS as dat kin.

- Jan Hiemstra: mist de jeugd yn 'e keatsútslagen. Ofrûne jierren is it lestich om partoeren te foarmjen. Der binne in soad 1- lingen west dy dan mei Wommels keatsten. Sommige bern sjogge it ek net sitten.
- Marten: Jeu de piloten. De bedoeling is om in kompetysje te foarmjen. Der wurdt earst ynventarisearre hoefolle patroenen der binne. It is foar froulju en manlju.
- Klup fan 50: belangstelling klup fan 50. Hja kinne harren oanmelde by Rene of Froukje.

12. Sluting

Marten slút om 21.15 oere de fergadering. Der is foar eltsenien nog in drankje en in knabbel.



Keatsen is moai wurk

As jongereinkommisje ha we ek mei nocht werom sjoen op 2024. We koenen fierder bouwe op wat foarich jier opsetten is troch nije en fertroude gesichten. In nij gesicht binnen de JK is Mirjam Punter. Sy is ein maaie it seizoen oanheakke by de JK en wie al te sjen by ferskate wedstriden fan de jongerein. Ús reaksje yn de groeps-app neidat we heard hienen dat se ja sei? “Mirjam is in!” “Fantastisch!!!” en “Wiiieehooooee!!” Dat seit genôch liket my ta. Mar moai sa troch gean en alles eigen meitsje, Mirjam.

Ofrûne jierren kaam der no yn it jierferslach in ferhaaltsje oer alle sealtrainings lykas ôftraap, de prachtige praktyske flyer en it Keatskamp. Wêrnei't der in stik komme soe oer alle kompetysje-wedstriden, wedstriden en fansels de gearwurking mei Wommels. Op dizze wize lit ik dit foarearst noch efkes passearje, mar leuker like it my om oan **de JK-kommisje harren hichtepunten** te freegjen en sa mei elkoar noch neigenietsje te kinnen fan it ôfrûn seizoen. Ik soe sizze, genietsje lekker mei!

MYN HICHTEPUNT FAN IT SEIZOEN?



Martina: “It entûsjasme fan de bern, sawol keatsers as (noch) net keatsers ûnder de Keningsspullen. Dêr't se kennis meitsje koenen mei û.o. it keatsspultsje.”



Klaas: “Foar my maklik, dat jimme mei safolle minsken op it fjild kamen mei blommen, geweldich.”


Klaas Sixma stoppet no dochs echt.

JK en frijwilliger yn hert yn nieren. Al faker stopje wollen en sille, mar dochs der noch meardere kearen in ekstra jier byplakke. Moai de lêste jierren perken lizze op eigen wize en yn eigen tiid. Mar him ek hearre litte op gearkomsten as it nedich wie. Efkes in oar ynsicht dat nei al dy jierren noch ferfrissend is.


Tige tankber foar syn ynset en dêrom koenen we Klaas ek terjochte ferrasse oan it ein fan syn lêste fjild lizzen.

In keatsfjild fol en mear tidens de Federaasje-partij mei grutte en wat minder grutte keatsers, âlders, frijwilligers, leafhawwers... De panna-kooi koe noch krekt in plakje hawwe op it earste fjild. Linen, telegrafien en krammen moatte liend wurde fan oare ferienings om it rûn te krijen. De tarieding en middei sels freget aardich wat, mar at it stiet en rint, dan stiet en rint it. Machtich!

De jongerein grutsk keatsend yn in grien ôfdielings-shirtsje yn alle oare doarpen. Dat hat dochs wat magysk? Ferskate kearen kamen ús toppers wol wer mei wat om 'e nekke werom nei Easterein. Medaille, krânse of in moaie nije erfaring? Sa'n shirt bringt altyd krekt wat mear.



Wiepkje: “De slagge ôftraap fan it seizoen yn de foarm fan in sealwedstriid én it oantal bern en frijwilligers op elke m² tidens de Federaasje dei”



Peter: “It entûsjasme fan de bern troch it seizoen hinne en... De twadde priis op de revanche Ald Meiers. Koartom: leuk seizoen.”

Peter bedankt. Nei yn 2018 meidraaid te hawwen yn de JK, gong Peter yn 2019 echt los. Sûnt dy tiid hat hy úteinlik allerhande ynset sjen litten. It leafst wedstriden begeliede en echt kontakt mei de bern sels. Mar as it nedich wie bist ek ynflein as trainer, coach (û.o. op (revanche) Ald Meiers) en sels op it lêst as TK-ferfanger, omdat it lestich wie



minsken te sykjen. We sille dyn drûge humor en skerpe opmerkingen misse!

De bernâlderpartij wêrby't alle bern en âlderen mei elkoar op it fjild wille hawwe en dochs de striid oan gean, ek al stean der gjin prizen op it spul. Dêr kinne hiel wat oaren in foarbyld oan nimme. In fjild goed fol dit kear. Tusken troch wurdt it partoer

Trynke: "De wyklikse keatsstriid (yn positive sin uteraard) en de geweldige opkomst by it âlder-bernkeatsen."

Mirjam:
"Ik gean foar folgend jier!"



tegearre op de gefoelige plaat fêst lein mei kykjes dy't it sfearke altyd goed sjen litte. Genietsje is dat.

Imke: "Ik hie al hope op de hichtepunten fan de oaren. Sa kin ik moai de keatsklinik fan Tjisse Steenstra en syn team neame. In soad aksje, wille en ynset fan sawol haadklassers as bern!"

We sjogge út nei kommend seizoen en kinne stikum al ferklappe dat Rémon Bouma ús oanfolje sil yn de JK as TK-er. "As je feroaring sjen wolle, dan moast der sels ek wat oan dwaan." is syn motto. En dêr hâlde we fan. **Op nei moaie nije keatsmominten én hichtepunten. Want... keatsen is moai wurk!**

Mei in sportive en entûsjaste groet, Imke



Prisuwinnners kompetysjekeatsen 2024

Kabouters:	1e priis: Wout Dijkstra 2e priis: Meike Faber 3e priis: Sven Sijbesma
Welpen:	1e priis: Jelke Sijbesma 2e priis: Harmen Joustra 3e priis: Meike Overwijk
Pupillen:	1e priis: Fenne Sijbesma 2e priis: Marrit van der Weij 3e priis: Berber Sijbesma
Skooljeugd:	1e priis: Sanne Frouk Dijkstra 2e priis: Tryntsje de Jong 3e priis: Pieter Age v/d Weide

De gekke kykjes fan de âlder-bernpartij :-)





Keatsen fan it jier 2024



Ik bin Jelke Sijbesma en keats yn de welpen jonges kategory. It seizoen fan 2024 wie foar my in hiel moai jier! Foar it earst ha ik it hiele seizoen te KNKB keatsen west. Earst yn de B-klasse en letter fertsjinne ik in plak yn de A-klasse. Neist de KNKB partijen gie ik ek nei federaasje- en ledepartijen. Ik keats it leafst safolle mooglik wedstriden. Hjirtroch ha ik dit jier best wol folle prizen wûn: 2x in 3e, 4x in 2e en 13x in 1e.

Traine doch ik by Stichting Score yn Raerd, Jeska Terpstra wie ús trainer, ek in Eastereiner keatser! Spitigernôch koe ik net by de ferieningstrainingen meidwaan, want dat is tagelyk. Utslaan fyn ik it leukste, mar dit jier ha ik mear traint op de opslach. No stean ik it leafst efteryn foar bêst.

Der binne foar my meardere hichtepunten west dit seizoen. De earste wie de startwedstriid fan de keatsferiening yn 'e seal. Ik wûn hjir de krânse, mar myn sus en broerke ek! Dat wie wol bysûnder. Fierder fûn ik it geweldich om foar it earst te keatsen yn de KF Easterein ôfdielingsklean. Mei Stijn en Harmen wûnen wy de 2e priis op de federaasje.

In oar hichtepunt wie om de krânse te winnen op it Sjûkelân, want oait hoopje ik op de PC hjir ek mei de krânse om 'e nekke te stean. Mei de 2e priis yn it KNKB jierklassemint wie ik super bliid, ik wûn hjirmei in echt sulveren medaille. Dizze is net sa grut, mar wol swier! En fansels de útrikking fan de keatser fan it jier. It moaiste wie dat ik de wisselbeker fan myn pake krige. It is echt leuk om de nammen te lêzen die der al op steane, ik kin net wachtsje oant myn namme der ek by stiet!

No op nei in nij seizoen by de pupillen, ik haw der alwer sin oan, mar earst noch lekker fuotbalje!

Jelke Sijbesma

PR-kommisje: Wat hawwe wy dien yn 2024?

Yn 2024 hawwe wy as PR-kommisje net stilsitten! Wy hawwe in soad dien, benammen ek dingen dy't goed te sjen binne.



Sa hawwe wy it stiperboerd in slach draaid. Hjirtroch ferdwine guon stipers net mear efter de winnende keats(t)ers op foto's. De bestjoerskeamers fan sawol de KF as SDS hawwe in moaie opknabbeurt krige. De muorren binne no beplakt mei prachtich fotobehang! Dit is dien yn gearwurking mei de 'pimpkommisje' fan de Skoalleseize (Tryntsje Bouma, SDS en Richt Fokkens, KF). Ek de fitrine yn de hal fan de Skoalleseize is wer hielendal by de tiid.

Lytse gebaren, grut effekt

De ôfdielingskeatsers is it grif opfallen: yn de kleantassen fûnen jimme dit jier 'súkses tomkes' – pipermuntsjes yn de foarm fan in tomke. In aardichheid fanút de KF om jimme súkses te winsjen by de wedstriden!



Fernije en duorsum wurkje

Efter de skermen wurkje wy konstant oan it fernijen én duorsumer meitsjen fan ús PR-aktiviteiten. Wy sjogge hoe't wy mear online sichtber wêze kinne en minder papier brûke. Sa hawwe wy by de Jong Feinte Partij it programmaboekje yntegrearre mei de wedstriidlist. Dit besparret net allinnich papier, mar is ek finansjeel foardieler. Ek wurde útnûgingen net mear per post stjoerd, mar per e-mail.

Wizigingen yn de kommisje

Dit jier hawwe wy ôfskied naam fan Greet Couperus. Nei 8 jierren fan trouwe ynset hat sy besletten de PR-kommisje te ferlitten. Greet soarge altyd foar de ynhâld fan it jierferslach, in flinke put! Benammen as der op it lêste momint noch stikken binnenkomme moasten. Ek hâlde sy de Fryske stavering yn 'e gaten. Dy taak is no, op 'e eftergrûn, oernaam troch Antje van Schepen, en dêr binne wy har tige tankber foar.

Ek Judy hat de kommisje ferlitten. Sy wol har mear rjochtsje op oare aktiviteiten. Judy wie ús skriuwer fan de PR en ûnderhold ûnder oare it kontakt mei Muta oer de nije wedstriidklean. Gelokkich hawwe wy Sieta Tessemaker ree fûn om har plak yn te nimmen.

Greet en Judy, tige tank foar jim ynset! En in waarm wolkom oan Antje en Sieta, moai dat jimme derby binne!

Groetnis,

Út namme fan de PR-froulju,
Mattie, Froukje, Jetske, Akke Jikke, Sieta en Antje



Fan de wedstriidkommisje....

2024: in moai en gesellich keatsseizoen. Mei 4 KNKB wedstriden en tal fan ledenwedstriden wie it wer in bomfolle aginda. As WK wurde we altyd wer bliid fan in fjild fol entûsjaste keats(f)ers, dêr dogge we it foar!

Ien fan de hichtepunten wie dochs wol de KNKB manlju 50+. Prachtich om te sjen hoe fanatyk as se binne, mar seker ék sportyf. Foar de lêste kear ha we de keats off foar de froulju's PC organisearre. Dit diene we altyd yn gearwurking mei KF Wommels: it iene jier de keats off Easterein en de generale yn Wommels, it oare jier oarsom. It is no wer tiid foar oare KNKB wedstriden, mei name de jeugd.



Kwa ledenwedstriden wie it famyljekeatsen in foltreffer. In soad dielname en moaie partoeren. Dizze wedstriid bliuwt dan ek seker op de wedstriidaginda stean! We hoopje yn 2025 noch mear famyljes op it fjild te sjen.

Ofrûne jier hiene we twa 'staazjerinners' yn ús kommisje: Alien Dijkstra en Jorrit Veldman. Sy stiene der wol foar iepen om ris binnen de WK te sjen as der in funksje foar harren yn weilein wie. No, dat wie gau dúdlik! Fol entûsjasme ha se meidraaid en ha se no offisjeel sit yn de WK en dêrmei bin we wer foltallich.

We sjogge jim graach wer op it keatsfjild yn it nije seizoen!

Wilma Sjaarda, Alien Dijkstra, Tineke Kamstra, Jorrit Veldman en Wietse Vink


Fjilden en Materialen

Wat hawwe we ôfrûne jier dien? Der binne nije ballen en linen oanskaff. De pinnen ûnder de stuiten binne oranje wurden sadat je se better sjogge yn it gers. It reklamedoek is no yn 'e breedte sadat de stipers better te sjen binne op de foto's fan de winners fan in keatspartij.

It springkessen is ferkocht yn ferbân mei te folle regels. Mei de 'fitte futters' hawwe we in groepsapp; as der wat barre moat, bygelyks fjilden lizze foar it kompetysjekeatsen as (lede-)wedstriden of oare dingen dan oerlizze we dat en sjogge we wa't der by wêze kin.

We hoopje der yn 2025 wer in moai keatsjier fan te meitsjen.

De fjilden- en materialekommisje, Jan Bouke Bouma



It jier 2024 troch de eagen fan de FSK

It jier 2024 leit op it momint fan skriuwen alwer in pear wiken efter ús. As finansjele- en stipekommissje (FSK) kinne we weromsjen op in jier wêrby't we de bydragen fanút de stipers prima op nivo hâlde kinnen hawwe. We meie as feriening tige grutsk wêze op sa'n trouwe groep oan stipers dy't ús aktiviteiten as keatsferiening foar in grut diel finansjeel mooglik meitsje.

Lykas elts jier lizze ús measte ynspannings as kommissje yn de earste pear moannen fan it jier. Wy geane dan by ús stipers del om te sjen as we ek it kommende seizoen wer in berop op harren dwaan meie. En gelokkich is dat hast altiten wer it gefal. It doel wie om dit wat earder klear te hawwen as oare jierren, sadat oare kommisjes dit oersjoch ek wer brûke kinne foar harren tariedings op it nije keatsseizoen. Sa makket de PR-kommissje elts jier in moai programmaboekje en sjogge jim foar de start fan it seizoen wer in nij stiperdoek lâns it keatsfjild stean.


Wy wienen it ôfrûne jier ek fan doel om in stipersûtsje te organisearjen, mar dat koe spitigernôch net trochgean troch te min animo. Wy sille op freed 9 maaie 2025 wer in poging dwaan troch in gesellige jûn te organisearjen yn de Skoalleseize. Meartallich Paralympysk kampioen (3x goud yn Paris ferline jier) op de tandemfyt Tristan Bangma sil dan syn treffende ferhaal mei ús diele. Dêr hawwe wy no al nocht oan!

Ut namme fan de hiele kommissje wol ik ús stipers nochris tanksizze en we hoopje jim allegearre it kommende keatsseizoen wer op 'e keatsfjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda

Foarsitter Finansjele- en stipekommissje

Us stipers yn 2024!



Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

Ja hear, der is alwer in jier om, wat giet it snel. It begjin fan it seizoen 2025 is al yn sicht en sil begjinne mei in sealkeatswedstriid foar de jeugd. Bûtendoar geane we tradisjoneel los op Keningsdei mei de Keningspartij. Mar earst noch even werom nei it seizoen 2024. We hawwe yn totaal 17 wedstriden hân op it moaie fjild fan de Skoalleseize. Nei jierren fan ôfwêzigheid wie de famyljekeatspartij wer werom en dit wie in moai sukses mei 20 partoeren op de list. It waard in spannende partij, wêr't de prizen ferdield binne op de einstân fan de punten yn it lêste earst. Dizze partij komt dan ek seker wer werom, want der binne fêst famyljes dy't revâns nimme wolle. Ek mocht KF Easterein foar it earst de 50+-wedstriid organisearje. Under lieding fan de klupskiedsrjochters en mei help fan karmasters én blokjerinners hawwe we in moaie keatsdei hân. Ek de mienskiplike jeugd- en folwoeksenledepartij wie in sukses. Dêrneist wienen we it ôfrûne jier oan bar om de keats-off foar de dames PC te organisearjen. Troch in blessure mocht ús doarpsgenoat Sietske Okkema ynfalle en pleatste se har foar de PC. Fansels binne ek de tradisjonele partijen sa as it pearkekeatsen, nachtkeatsen en de Okkemapartij ferkeatst. Op snein 8 septimber stie de slotpartij foar jeugd en folwoeksenen op it programma. It wie in moaie ôfsluting fan it seizoen, mei ferskate huldiging en een lekkere barbecue. De kompetysjejûnen binne ek goed besocht en bij de dames mei in extra klasse: grutte bal. Hjirtroch kamen der ek nije gesichten op it fjild. Al mei al kinne we werom sjen op in drok, mar moai seizoen wêr't eltsenien keatse koe op syn/har niveau.



Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden yn 2024 binne, nei reservearrings en opnames út de reservearrings, mei in negatief netto resultaat ôfsletten op -€1.814. Dit wylst der in negatyf resultaat fan -€ 2.253 begrutte wie. It resultaat kinne je opdiele yn organisaasje en wedstriden. Op de organisaasje is it resultaat -€1.216, neffens de begrutting fan +€335. Op wedstriden is it

resultaat -€597 neffens in begrutting fan -€2.588. It ferskil wurdt feroarsake trochdat der kosten en opbringsten begrutte binne op in oare kostepost as it yn it echt boekt is. It ôfrûne jier is der minder jild binnen kommen op aksjes, want we binne spitigernôch niet frege foar de krystpakketten fan de Poiesz. Fierders is der gjin flessenaksje west en hat de RaboClubactie 100 euro minder opbrocht.

Wol is de klup fan 50 groeid. Ek is it springkessen foar 275 euro ferkocht. Oan de opbringstekant is rom 400 euro mear jild binnen kommen foar de trainingen. Dit trochdat der mear leden bûten KF Easterein mei traïnd hawwe. Mei Wommels binne der goeie ôfspraken oer it ferdielen fan de kosten en opbringsten. Tsjinoer minder ynkkomsten steane ek minder kosten. Der is it ôfrûne jier bygelyks minder jild útjûn oan fersnaperingen ûnder wedstriden.

De rekken fan 2024 wurdt op de foarjiersgearkomste op 19 maart presintearre yn 'e Skoalleseize.

Finansjele posysje en reservearrings*

Yn 2024 is der in reservearring dien fan 750 euro foar de sponsorjûn en 250 euro foar it keatskamp. Dizze 250 euro is beskikber steld troch it PostNL Bijzondere Momenten Fonds. Der is 1000 euro opnommen út de reservearring fan de JFP.

* It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynfloedet.
